

FRYSLAN-A EKSAMEN
16 april 2016

I Tiidwurden

(30 min.)

Op dit ûnderdiel kinne mei-inoar 70 punten helle wurde.

*A. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **notiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

1. Hy (helje) Sjoerd fan hûs, dêr't it fol (sitte) mei bern – hy (wêze) heit fan fjouwer – en (ride) mei him nei de westkant fan de Swarte Brekken ta.
2. Do (moatte) him al wat stypje, hear, hy (hawwe) it op 't stuit mar dreech.
3. Wy (komme) al withoelang by him oer de flier.
4. Ik (wurde) hieltyd folge troch in man mei ljocht hier.
5. Ik (hoopje) dat ús Jurre hjoed (thúskomme).
6. (Ferwachtsje) jo noch mear minsken?
7. (Fine) do dat dy jurk ús mem moai (stean)?
8. (Jaan) jo al dat moaie guod wei?

*B. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **doetiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

1. Wy (meitsje) altyd sels de krystkaarten.
2. Dy fint (jaan) my samar in klap, doe't ik wat fan syn gedrach (sizze).
3. Do (sjen) him yn 'e fierte al oankommen.
4. Hy (hoopje) sa dat er by dat bedriuw oan 'e slach (kinne).
5. De bern (boartsje) oer de flier.
6. Hoe't wy it ek (besykje), de âld brommer (krije) wy net mear oan 'e praat.
7. Och och, wat (helje) jimme dochs nuvere fiten út, (sizze) pake, dat (wêze) yn ús tiid al oars!
8. Us mem (waskje) lytse Klaas goed de earen.
9. It waar (wurde) der juster net better op.

*C. Skriuw it **mulwurd** op fan de tiidwurden dy't tusken heakjes steane. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it mulwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

1. Ik haw goed foar him (soargje).
2. Hoe hawwe jimme dat (dwaan)?
3. Wy hawwe juster nei in konsert fan Status Quo (wêze).
4. Hawwe jimme ûnderweis ek noch wat bysûnders (belibje) of (sjen)?
5. Buorfrou hat har alles (fertelle).
6. Gysbert Japicx hat de basis (lizze) ûnder de Fryske skriuwtaal.
7. De Fryske flagge waard op it gemeentehûs (hise).

8. Hy wie har freon en hie dapper (fjochtsje).
9. De ynbrekker wie om it hûs hinne (slûpe).
10. Pake hat him in nije fyts (jaan).
11. Troch dyn hâlden en dragen hast it by har (bedjerre).
12. It is him yn 'e plasse (slaan).
13. Hasto har (thúsbringe)?

*D. Set de Nederlânske tiidwurdsfoarms dy't tusken heakjes steane yn de goede Fryske foarm en tiid. Foarbyld: Hy hat der lang oan (gewerkt): Hy hat der lang oan wurke. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede Fryske foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 6 punten.*

1. Do (doen; notiid) dochs ek mei?
2. Ik (zien; doetiid) him rinnen.
3. Hy (plagen; doetiid) my de hiele tiid.
4. Wy (blijven; notiid) hjir noch efkes stean.
5. (Vertellen; notiid) hy soks ek oan dy?
6. Jo klok (hangen; doetiid) mar nuvere bryk oan 'e muorre.

*E. Meitsje de sinnen op in goede wize ôf. Dêrby moatte de twa of trije tiidwurden dy't tusken heakjes steane, brûkt wurde. Set dy tiidwurden yn de troch jo ôfmakke sin yn de goede **foarm** en de goede **folchoarder**. Mei-inoar 12 punten.*

Mei twa tiidwurden ôfmeitsje:

1. Hy frege my oft ik him (wolle, helpe).
2. Hawwe jimme de fûgels ek (sjonge, hearre)?
3. Sy draacht in kettinkje dat se as famke al (hawwe, krije).

Mei trije tiidwurden ôfmeitsje:

4. Heit sei dat Pyt it net (dwaan, hawwe, moatte).
5. It jonkje wie sa libben dat it gjin tel (bliuwe, kinne, sitte).

F. Set de neikommende sinnen, benammen wat de tiidwurden oanbelanget, sa goed mooglik oer. Mei-inoar 10 punten.

1. Ik hoop dat Karel weer gaat fietsen.
2. De deur zal opnieuw geverfd worden.
3. Opa blijft maar praten.
4. Oma ziet dat Piet de krant zit te lezen.
5. Ik vind dat hij de kaarten wel kan kopen.